

# Spulwike Nijs



Spulwike Littenseradiel 2022. 18 oan't en mei 22 july 2022. 19e jiergong.



Side 2

Sonken  
Spulwikeboat



Side 4

Waarm waar en  
wetterwille



Side 5

Fietsen, festivals  
en fette happen



Side 8

50 jierich jubileum

## Fan de foarsitter

'Alles foar de bern' is it motto wat ik faaks om my hinne hear foar en wilens de Spulwike. Wat is it dochs bysûnder om te sjen dat sa'n grutte groep frijwilligers elk jier wer in moaie wike organisearje kin wêrby de bern altyd op nûmer ien stean. Alles kin, niks is te gek. Dat makket my tige grutsk.

Ik sjoch werom op wer in prachtige Spulwike mei it tema 'ûnbewenne eilân!' In wike wêrby wy snik hyt waar hiene mei in soad sinne as tige min waar mei in soad rein. Mar, it waar hat nimmen tsjin holden om hielendal út harren dak te gean mei de spultsjes, de survival en alle oare aktiviteiten. En fansels ha je op in ûnbewenne eilân ek te meitsjen mei hege temperatueren en tropyske reinbuikes.

Dit jier wie net samar in Spulwike, it wie de jubileum edysje: 50 jier Spulwike! Op freed kamen dêrom alle bern en lieder byinoar om mei inoar it jubileum te fieren yn Wommels. Net allinne wie der in Spulwike foar de bern, mar ek foar de âlderrein dy't nea in



Spulwike meimakke ha as bern. Sa wie der op moandei in fytstocht lâns de Spulwike doarpen Seewierum, Libiza en

Hawaiidum en dêrneist binne oare âlderein yn it rêsthûs fan Wommels en Weidum fermakke. Alle âld lieder fan de Spulwike wiene wolkom op de jubileumjûn om it Spulwike gefoel wer efkes te ûnderfinen. Ik kin net oars sizze dan dat it in fantastyske wike wie, op nei de folgjende 50 jier!

Graach wol ik elkenien dy't wat betsjut hat foar de Spulwiketigebetankje. Alle lieder, pankoekbakkers, de jubileumkommisje, stipers, Stichting Spulwike, âlders, bern en alle oaren; tige tank foar jimme ynset. In soad wille tawinske mei it lêzen fan de krante en graach oant takom jier!

Welmoed Vellinga  
Foarsitter Stichting Spulwike Littenseradiel





# Sonken Spulwikeboat

Troch: Bauke en Antje

De dei begong mei 230 senuwef-tige bern yn de arena fan Libiza. It wie moai om te sjen dat der dit jier wer safolle bern komme mochten.

Lykas oare jierren starten we mei Sykje de Lieder, mar krekt foar dat we begjinne soenen wie der panyak! De spulwikeboat wie sonken wêrtroch de spulwike shirts oeral op it eilân Libiza ferspreid wienen. Saak foar de groepkes

om mei harren lieder de goeie shirts te finen yn it doarp. Neidat we mei ús allen oefene hienen mei te roeien, wie it tiid foar it bouwen fan de spulwikehutten. Dit eindige tradisjoneel yn in grut farvegefjocht. It iene bern seach der noch smoarger út as de oar.

De farve siet sels yn'e earen!

Middeis stie der sport en spul op it programma. Mei it spul koenen de bern punten fertsjinje mei spultsjes rûnom it plein fan Libiza. Foar de sportaktiviteiten hie Partymeister Wjelsryp grutte

opblaasbare materialen beskikber stelt. Sa waard der libjend tafelfuotbal spile en draafden de bern oer in gigantyske stoarm-baan. Oan it ein fan de dei kaam de skipbrekkeling wer del mei in stik fan de rûtekaart, wêrtroch wy al wer in stik tichterby pan-nenkoekeilân binne. Op nei de dei fan moarn!



# Op syk nei de skat yn de fearten fan Hawaiiidum

Troch: Bregt & Jorrit

It is wer safier! Spulwike is los! Yn Hawaiiidum sammelen dik 200 bern yn de arena. Nei in koarte warming up, waarden al gau de groepkes ferdield.

14 bern per groepke en mar 1 lieder? Dat kloppet net! De skat-kaart derby en opsyk nei de rest fan de lieder, dy't harren yn

Hawaiiidum ferstoppe ha. As alle groepkes kompleet binne, kinne we begjinne mei it bouwen fan de hutten. De bern binne fanatyk en wolle allegear de moaiste tinte ha. It rint al gau út op in âlder-wetsk ferfgevecht en alle bern en lieder dogge mei. Nei in hapke ite en drinke bin we los gong mei de spultsjes. Fanwege it waarme waar dit jier foaral in soad wetterspultsjes. Rûn in oer as 13:30 waarden de spultsjes efkes stil-

lein. Alle bern op nei de Hegedyk om Stefan van der Pal oan te moedigjen! Mei 250 minsken stienen we mei lûd gejuich lâns de dyk om him oan te moedigjen. In pikefel momintsje. Nei de tiid hat Stefan sein dat hy it wardearre en dat it him seker holpen hat foar

de lêste kilometers. Doe't Stefan HawaiiDum wer út wie koenen de bern wer fanatyk troch mei de spultsjes. Al mei al en ûndanks it waarme waar, in topdei! Op nei de

survival! We ha der sin oan!



# Skatkiste en fleantúch

Troch: Hedwich en Else

Moandei te moarn 10:00, de bern sitte zenuwachtig op'e tribune yn Seewierrum. Mikrofoanduo Brokkepilootsje en Prins Heerlijk ferwolkomme de bern mei in protte enthousiasme. Wat blykt, se binne

stranden op in ûnbewenne eilân en it fleantúch docht it net mear. Se krije fersterking fan de groep lieder. Nei it fersieren fan de tintsjes is it tiid om inoar te fersieren mei in protte farve. Dernei wie it tiid om de koades fan de skatkistjes te sykjen mei in speurtocht troch Seewierrum. Mei behelp fan de koades kamen wy efter in oprop fan Marrichje en Bauke dy't om help ropten fanôf in oar ûnbewenne eilân. Om nei hen ta te kinnen, hienen wy noch ûnderdielen nedich om it fleantúch te meitsjen. Disse sammelen wy troch yn it doarp te ruiljen. Úteindelijk mei alle ûnderdielen sieten wy mei syn allen klear yn it fleantúch, mar kamen wy derachter dat der gjin brânstof wie. Wy besluten om moarn fierder te sjen en sluten de dei ôf mei in krûpke.





# DE SPULWIKE STIPERS FAN 2022

**ACR**  
www.acrwinsum.nl  
**Winsum**

**Administratiekantoor  
G. van Putten**  
www.gervanputten.nl  
**Kûbaard**

**Altis**  
www.altis-bv.nl  
**Wieuwerd**

**Audio Frysk / DAT  
Tekstbureau**  
www.audiofrysk.nl  
**Easterwierrum**

**Autofirst Menno Walinga**  
www.autofit-mennowalinga.nl  
**Winsum**

**Autobedrijf Pieter Miedema**  
www.autobedrijf  
pietermiedema.nl  
**Mantgum**

**Autobedrijf Sypersma**  
www.autobedrijf-sypersma.nl  
**Easterwierrum**

**Autohuis Winsum**  
www.autohuiswinsum.nl  
**Winsum**

**Automaterialen  
Ronald Morien**  
www.ronald-morien.nl  
**Wiuwert**

**BCC**  
www.bcc.nl  
**Ljouwert**

**BECS Tentverhuur**  
06 18553797  
**Wommels**

**Bootsma Bouwbedrijf BV**  
www.bootsmabouwbedrijf.nl  
**Easterwierrum**

**Bos Mechanisatie B.V.**  
www.bosmech.nl  
**Easterein**

**Bosma Bouw**  
www.bosmabouw.nl/  
**Hilaard**

**Bosma Hout B.V.**  
www.bosmahout.nl  
**Hilaard**

**A.S.Hoekstra  
plaagdier beheersing**  
www.ashoekstra.nl  
**Bears**

**Boubedriuw Kooistra**  
www.boubedriuwkooistra.nl  
**Kûbaard**

**Bouwerij Teun Bouma**  
0622018449  
**Weidum**

**Bouw-Tekenburo  
Wietse B. Ligthart**  
www.bouw-tekenburo.nl  
**Wommels**

**minicamping de slypstien**  
www.campingdeslypstien.frl  
**Wjelsryp**

**Couperus Hydrauliek B.V.**  
www.couperushydrauliek.nl  
**Easterein**

**Carpetright**  
www.carpetright.nl/  
**Ljouwert**

**Coop Supermarkt  
Tolsma**  
www.coop.nl  
**Winsum**

**De Casanova**  
0615165802  
**Weidum**

**De Koning Maritiem BV**  
06-20290241  
**Weidum**

**De Swetteblom**  
www.swetteblom.nl  
**Bears**

**Dorpshuis yn'e mande**  
www.facebook.com/  
Ynemandewjelsryp  
**wjelsryp**

**Doarpshûs MFC 'De Tysker'**  
www.easterwierrum.nl/  
de-tysker  
**Easterwierrum**

**Doarpshûs Ús Honk**  
www.wiuwert-britswert.frl/  
us-honk  
**Wiuwert/Britswert**

**Doarpshûs Weidum**  
www.weidum.eu  
**Weidum**

**Doarpshûs MFC 'De Jister'**  
0517-342263  
**Easterlittens**

**Driehoek**  
www.driehoekzeep.nl/  
**Ljouwert**

**ECOhûs Fryslân**  
www.ecohusfryslan.nl/  
**Tjerkwerd**

**Eetcafe de Trilker**  
www.detrilker.nl  
**Poppenwier**

**Eppie Veenstra  
Schilderwerken**  
0620987458  
**Baard**

**Expert**  
www.expert.nl  
**Ljouwert**

**Fietservice De Vries**  
www.fietservicedevries.nl  
**Jellum**

**G.Scharringa**  
0515 331 565  
**Wjelsryp**

**Gebr. Vellinga B.V.**  
Int. Handels- & Transportbedrijf  
www.gebrvellinga.nl  
**Easterein**

**Gerbrandy State B&B  
Groeps Accommodatie**  
www.gerbrandy-state.nl  
**Boazum**

**Greidanus**  
greidanuswinsum.nl/  
**Winsum**

**HAVO BV**  
www.havo.com/nl  
**Ermelo**

**Hebaco**  
0630306934  
**Wjelsryp**

**HEMA**  
www.hema.nl  
**Snits**

**Henk de Boer Melktechniek**  
www.henkdeboermelktechniek.nl  
**Jellum**

**HM Montage**  
06-46596585  
**Wjelsryp**

**Holiday ice BV**  
www.holidayice.nl  
**Sint Nyk**

**HR Bou**  
www.hrbou.nl/  
**Wjelsryp**

**Huhtamaki**  
www.huhtamaki.com/  
**Frjentsjer**

**Hylkema  
Hydrauliek service**  
0653370044  
**Reahus**

**It Dielshûs Party- en  
activiteitencentrum**  
www.itdielshus.nl  
**Wommels**

**It Griene Hert**  
www.itgrienehert.nl  
**Wommels**

**Jumbo**  
www.jumbo.com  
**Wommels**

**Apotheekhoudende  
Huisartsenpraktijk Hoepman**  
www.huisartseasterein.nl/  
**Easterein**

**J. de Haan Dienstverlening**  
0636505397  
**Wjelsryp**

**Jansma Drachten B.V.**  
www.jansma.biz  
**Drachten**

**JF Frankena  
Loonbedrijf en Grondverzet**  
www.frankenawinsum.nl  
**Winsum**

**Kapasalon 't Kniplokaeltsje**  
0515-332320  
**Easterein**

**Kapsalon Rommy**  
058-2519049  
**Weidum**

**Keatsferiening "Wommels"**  
www.kfwommels.nl  
**Wommels**

**Kingma  
beheer en advies**  
**Jellum**

**Klaversma Bouwbedrijf**  
0582501619  
**Mantgum**

**It Wiel ontwerp en creëert**  
www.itwiel.nl/index.php  
**Weidum**

**Klussenbedrijf  
Jan Pieter de Boer**  
06-10949013  
**Bears**

**D.Kuipers mechanisatie**  
www.dkuipers.nl  
**Witmarsum**

**Landbouwmecanisatiebedrijf  
Wijbe J. Durksz**  
0517-341253  
**Easterlittens**

**Leanbedriuw Okkema**  
www.okkema.nl  
**Easterein**

**LogopedieFriesland**  
www.logopediefriesland.com  
**Weidum**

**Lucas Bouma Holding BV**  
0653324029  
**Bears**

**Active Perspective**  
www.activeperspective.tv  
**Ljouwert**

**Loofy's**  
www.loofys.nl  
**Ljouwert**

**lyts kanaan**  
www.lytskanaan.nl  
**Mantgum**

**MerkMonsters**  
www.merkmonsters.nl  
**Ljouwert**

**Montagebedrijf  
Marco Bakker**  
marcobakkermontage.nl  
**Wommels**

**Montagebedrijf  
W. J. Kramer**  
06-15574321  
**Winsum**

**Murk's Slagerij**  
www.murksslagerij.nl  
**Wommels**

**Nico Kloppenborg**  
www.nicokloppenborg.nl  
**Mantgum**

**Oliehoorn**  
www.oliehoorn.nl  
**Zwaag**

**On My Mint**  
www.www.onmymint.nl  
**Sint Anne**

**Op de Him**  
www.opdehim.nl  
**Jorwert**

**Optisjen**  
www.optisjen.nl  
**Snits**

**Osinga Bouw**  
0612786702  
**Wjelsryp**

**Peter Zijlstra timmerbedrijf**  
06 34504259  
**Easterwierrum**

**Pizza's van Atze**  
www.pizzasvanatze.nl  
**Weidum**

**Poiesz Supermarkten**  
www.poiesz-supermarkten.nl  
**Mantgum**



# Puzzelstikken sammelje yn Libiza

Troch: Greetje

Hjoed een oanpast programma fanwege de waarmte! We begjinne op 't fjild, hjir komt in nuvere âld man hij seit hjir te wenjen en een stik kaart fûn te hawwen! It stik wat wij misse! De bern kinne

dit werom fertsjinne mar moatte hjir al wat foar dwaan. Sa smoarch as mogelijk wurde tiidens de survival! Dit blykt net een drege opjefte te wêzen mei dit waar gjin better plak as yn it wetter!

En noch leuker dit op ferskate wizen: fia de kabelbaan, de touw-

brege, de bukglidmat as gewoan mei in hiel grut bommetje!

Tusken alle spultsjes troch noch even in lyts hapke iten, gigantiske pûden chips om it sâlt gehalte heach te halden, bekers fol ranja om mar net te beswyken ûnder de waarme sinne en natuerlik bulten

sinnebrânkrême om net te ferbanen. De bern wienen ûndanks de waarmte bloedfanatyk dus fansels ha se it puzzelstik fertsjinne! Komplimenten foar sawol bern as

lieders ûndanks de waarmte wie it in prachtich moaie dei!



# Survivalje yn HawaiïDum

Troch: Lineke

De temperatueren op de tiisdei pasten hielendal by it tema fan dit jier. Wer it oan it ein fan de wike kâld waard, wie HawaiïDum op de tiisdei noch in tropisch eilân. It komt selden foar dat de

lieders in makje ha om de bern de feart yn te krijen. Gjin gûlende bern die it kâld ha en gjin bern die net smoarch of wiet wurde woene, mar gûlende bern omdat se it wetter wer út

moasten om in neie feart mei in nei spultsje op te sykjen. Nee dit jier sprongen de bern yn alle fearten, sels as dit net de bedoeling wie. Hiel wat fearten ha hun spulwike ûntgriening hân dit jier en ik tink dat se de

bern graach opnij sjogge folgjend jier. Mei de sinnebrân yn de tas binne de lieders mei de bern op paad west. Nei elke feart wer de bern ynsmarre. It begong hast te

lykjen op it ferve gefjocht fan de moandeis, mar dan hjoed mei sinnebrân. De lieders binne sa drok mei de bern dwaande west dat se sichself soms ferjitten binne.

Der binne hiel wat lieders mei in reade noas, mar miskien komt dat net allinnich troch de sinne. Om 2 oere koe gjin feart it mear winne fan de hitte en mochten de bern it ûnbewenne eilân ynruilje foar de airco thus. Want we woene De Sinnestekjes graach allinnich in groepsnamme hâlde.



# Waarm waar en wetterwille

Troch: Jesse en Sietske

Yn plak fan dat Libiza & Hawaiïdum harren eigen waarberjochten opsochten, ha se perûngelok dy fan Ibiza & Hawaii besjoen. Gefoelstemperatuer 49 graden. Taffallich troffen we noch guons út Libiza & Hawaiïdum, it wie wol te merken dat it dêr wat waarmer wie as yn Seewierrum. Wat hitte wol net mei in minske docht. Troch it seewyntsje yn Seewierrum, koenen wy dizze prachtich moaie spulwikedei wol gewoan trochsette. Ek al hienen wy in oanpast programma mei liters sinnebrân, spulwikebier en wetterwille



mei ûnderoare aaiholle Brandries út Wommels. Hy fûn it úteinlik noch moaier as de bern sels, wylst wy tochten dat sy al hielendal út de skroeven gongen! Melle wie moai op paad mei Pelle. Se hienen presys 68 rûntsjes op de búkskowbaan, miskien wie dit trouwens ek wol ien mear. Makket ek neat út, al mei al ha se moai ompielt. Lykas Jitse, dy't de swimbroek faak iets te waarm fûn. Dizze sinnige dei waard ôfsluten mei in optocht op't fjild sjoen it sa noflik fertoeven wie yn Seewierrum. Jimme hienen derby wêze moatten, miskien takom jier. Sjoch mar eem.



## Libiza der op út

Troch: Jacob

De dei begong net ien Libiza (Littens), mar de minsken út Wommels waarden wekker mei de holle bolle tsjing.

Trije piraten kamen op it fjild en hienen touwen bij sich dyt we nedich hienen om bij pankoek eilân te kommen. Dit krigen de bern net samar, se woenen dit graach omwikselje mei wat kostbers.



len tradysje begong it ruilspul. Eltse groep hat in teepûdsje krigen en die koenen se ynruilje bij ynwenners fan Wommels om sa steeds wat kostberders ien besit te krijen. Uteinlik waarden



der ûnder oare fietsen, televiesjes, swimbaden en kandelers binnenharke. De touwen wienen binnen!

Nei de poeiermolke binne we rjochting de klomp gong. Mei een bommetje, een draaikolk, lange rijen bij de glydbaam, moai

waar en 240 enthousiaste bern en liederes wie it in fantastyske middei.

Mei een ofslutend gleske ranja en chips waarden de úttelde bern om healwei 4 wer ophelle. We binne alwer oer de helte....

## Fietsen, festivals en fette happen

Troch: Gaiske

Op woansdei kamen de sinne en de bern rûn 09:00 tefoarskyn yn Hawaiidum. Mar op dizze dei moast ek it fytske mei,

want it wie tiid foar in spannende tocht rûnom it doarp. We soene spulstjes dwaan dy't us leare hoe we op in ûnbewenne eilân libje moatte. Hoe bouwe je in flot, hoe sammelst

iten en hoe ferdiele we wetter? Tuskentoch wie der fansels tiid om eefkes te swimmen, te iten en de liederes yn de feart te goaien.

Hjirnei wie it tiid foar in feestje, dus sprongen we wer op de fyts nei Swiestra. Hjir wie it Hawaiidum festival! Mei in strân, dûnsflier, chillplakken, en fansels DJ Meinz. We gongen van links naar rjochts, stapten rûn as in guos en ha flink wat polonaises makke. Dit koste wol wat enerzjy, dus moast de tank byfult wurde mei in goeie fette hap. Yn de arena ha we hearlike patatsjes hân mei in lekkere snack.

Nei it iten wie it tiid om de mayonaise fan de mûle te poetsen en ús klear te

meitsjen foar de disko. De famkes diene de make-up en de jonges hiene strakke gel yn it hier en sa dûnsen we it dak fan it Weidumer doarpshûs der ôf. It ein fan de jûn kaam yn sicht en we fietsten mei de hiele ploech werom nei Swiestra. Hjir soene we op bêd gean. Mar earst moast der fansels noch in broadsje knak nei binnen wurke wurde oan it kampfoer. Toen dat dien wie, koene we rêstich sliepe.



## De bolle dy't gjin molke joech

Troch: Allert en Sietze

Op woansdei wie it wer safier, in groep nije bern yn Seewierrum! Lykas de dei derfoar wie it skitterjend waar en hienen we der allegearre in soad sin yn. Neidat it farvegefjocht foar in soad kleurrike eilânbewenners soarge, bleek it fleantúch stikken te wezen,

wêrtroch we fest kamen te sitten. Oan ús de taak om nije ûnderdielen foar it fleantúch te sykjen, tiid foar it ruilspul. Foar dit spul moasten wy lâns de doarren yn Seewierrum. Gelokkich hienen de ynwenners fan Seewierrum en wat ferdwalde toeristen, ûnderdielen foar ús.

As je as lieder mei de bern it doarp yngean, is it wichtich dat der in soad songen wurdt, om de moet der goed yn te hâlden. Neist de standert ferskes, as "Holle Bolle Tsjing" en "blauwe, blauwe, blauwe drek, drek, drek", gong der ek in ferske oer in bolle dy't gjin molke joech. Dizze gong sa: "Daar boven op de berg! Daar staat een stier! Die geeft geen melk, maar Spulwikebier! En van je helaheloholala."

Nei it ruilspul koe fan alle ûnderdielen in fleantúch hersteld wurde

en koenen we "gaan met die banaan", soenen je sizze... Allinnich bleek der gjin brânstof yn ús selsmakke fleantúch te sitten. We hawwe noch besocht nei it tankstasjon te gean, mar dizze wie ek al sletten, fanwege it persoanlienssttekoart op it ûnbewenne eilân. Oan ús de taak om hjir moarn foar te soargjen, dat dit moarn regelt wurdt. Op nei moarn!



Fynsto ek dat Spulwike bestean bliuwe moat?

Wurd "Freon fan Spulwike" en help ús om dizze machtige wike ek yn de takomst mooglik te meitsjen!



Gean nei [www.spulwike.frl](http://www.spulwike.frl) en klik yn it menu op "freonen".





# DE SPULWIKE STIPERS FAN 2022

**Maatschap T.P. de Vries ,  
L de Vries Krips en  
P de Vries  
Weidum**

**Schoustra Dienstverlening**  
06 22801299  
**Easterwierrum**

**Silobags.nl**  
info@silobags.nl  
**Jorwert**

**Slachtepop**  
www.slachtepop.nl  
**Wommels**

**Slachte Events**  
www.slachte-events.nl  
**Wommels**

**Sneek Recycling**  
www.sneek-recycling.nl  
**Snits**

**Steinfort glas**  
www.steinfort.nl/  
**Frjentsjer**

**Smids DesignStudio**  
www.smidsdesignstudio.nl  
**Weidum**

**De Swetteblom**  
www.swetteblom.nl/  
**Bears**

**De Dille**  
https://www.dedille.nl/  
**Easterwierrum**

**Tjepko Jansen**  
www.tjepkojansen.nl  
**Ljouwert**

**De Jong Tweewielers**  
www.dejongtweewielers.com  
**Wommels**

**V.O.F. Sietse Jorna**  
www.sietsejorna.nl  
**Wurdum**

**Van Balen Boekhoudburo**  
www.vanbalenboekhoudburo.frl  
**Jellum**

**Van der Velde  
slaapcomfort en meer**  
www.beddoloog.nl  
**Winsum**

**Van der Wal Autoverkoop**  
www.autoverkoopbedrijf.nl  
**Winsum**

**Van der Wiel**  
www.vanderwiel.nl  
**Drachten**

**Friamco**  
www.friamco.nl  
**Winsum**

**Veenstra Constr- & Install**  
www.veenstrawelsrijp.nl/  
**Wjelsryp**

**VR Bieb**  
www.vrbieb.nl  
**Ljouwert**

**Warenhuis van der Velde**  
www.favandervelde.nl  
**Wommels**

**Jamin**  
www.jamin.nl  
**Ljouwert**

**Wheagan Multicar Service**  
www.wheagan.nl  
**Wommels**

**WICK Digital -  
online marketing**  
www.wickdigital.nl  
**Ljouwert**

**W. Fopma Milieu  
Advisering BV**  
www.grondnet.nl  
**Mantgum**

**Woonvaria Colors home**  
www.woonvaria.nl  
**Wommels**

**Zwembad de Klomp**  
zwembaddeklomp.nl  
**Wommels**

**Krystbeam ferkeap  
de Noorman**  
0653578667  
**Weidum**

**Hessel's  
Toiletwagenverhuur**  
www.hesselstoiletverhuur.nl  
**Stiens**

**MHB**  
www.mhbav.nl  
**Boalsert**

**Drukkerij Van der Eems B.V.**  
www.vandereems.nl  
**Easterein**

**Gamma**  
www.gamma.nl  
**Ljouwert**

**Echte Bakker de Groot**  
www.echtebakkerdegroot.nl  
**Stiens**

**St. Arjen Witteveen Fûns**  
www.arjenwitteveenfunns.nl  
**Blauhús**

**Bv Sport**  
www.bvsport.nl  
**Ljouwert**

**De friesland**  
www.defriesland.nl  
**Ljouwert**

**Wiersma Tenten- en  
Partyverhuur**  
www.wiersmatenten.nl  
**Ljouwert**

**PartyMeister Wjelsryp**  
www.partymeisterwjelsryp.nl  
0637330966 / 0636570023  
**Wjelsryp**

**Dorpsbelang baard**  
www.baard.info  
**Baard**

**Dorpsbelang de fjouwer**  
www.de4doarpen.nl  
**Itens**

**Dorpsbelang Easterlittens**  
www.easterlittens.nl  
**Easterlittens**

**Dorpsbelang Huns/Leons**  
www.huins-lions.nl  
**Huns/Leons**

**Dorpsbelang  
Hilaard/Hoptille**  
www.hilaard.nl  
**Hilaard/Hoptille**

**Dorpsbelang Jellum/Bears**  
www.jellumbears.nl  
**Jellum/Bears**

**Dorpsbelang Jorwert**  
www.dorp.jorwert.nl  
**Jorwert**

**Dorpsbelang  
Lollum/Waaksens**  
www.lollum-waaksens.nl/  
**Lollum/Waaksens**

**Dorpsbelang Mantgum**  
www.mantgum.com/  
**Mantgum**

**Dorpsbelang Winsum**  
www.winsum.frl  
**Winsum**

**Dorpsbelang Wommels**  
www.wommels.nl  
**Wommels**

**Douwe Kalma Stifting**  
www.douwekalmastifting.nl  
**Jorwert**

**Gemeente Leeuwarden**  
www.leeuwarden.nl  
**Ljouwert**

**gemeente Súdwest Fryslân**  
www.sudwestfryslan.nl  
**Snits**

**Greide hoeke funs**  
www.greidhoeke.com  
**Easterein**

**Het Klaarkampster  
Weeshuis**  
www.klaarkampsterweeshuis.nl  
**Frjentsjer**

**Het Nieuwe Stads  
Weeshuis**  
www.hetnieuwestadsweeshuis.nl  
**Ljouwert**

**NUT Leeuwarden**  
www.nutleeuwarden.nl  
**Ljouwert**

**NUT Weidum**  
www.weidum.eu/nut  
**Weidum**

**Old Burger Weeshuis**  
www.oldburgerweeshuis.nl  
**Ljouwert**

**Ondernemers vereniging  
Lekkumerend**  
www.leeuwarderondernemersfonds.nl/verenigingen  
**Ljouwert**

**Stichting Ritske Boelema  
Gasthuis**  
www.ritskeboelemagasthuis.nl  
**Ljouwert**

**stichting Bolsward Dronryp**  
www.bolswarddronryp.nl  
**Boalsert**

**Stichting Friese  
Elfstedentoch**  
www.fietselfstedentocht.frl/  
**Boalsert**

**Stichting Holle Bolle Tsjing**  
www.spulwike.frl/  
**Wommels**

**Stichting Jongerein Fryslân**

**Stichting Wommels**  
www.wommels.nl/wom-  
mels/stichting-wommels  
**Wommels**

**VSF Fonds**  
www.vsbfonds.nl  
**Utrecht**

**Winkeliersvereniging de Schrans**  
0582139072  
**Ljouwert**

**Freonen fan Spulwike**  
www.spulwike.frl/freonen-2  
**Ljouwert**

**Stipers, freonen, frijwillichers en eltsenien dy't Spulwike mooglik makket,  
tige tank foar jimme stipe!**



**Bisto benijd nei mear foto's en wolst op 'e hichte bliuwe fan Spulwike 2023?  
Folge ús op Facebook en Instagram fia @spulwike.littenseradiel!**



# Foksen, farve en feest!

Troch: Froukje & Stella

Dit wie alwer de letste dei yn Littens. Fan in moai waar programma nei in min waar programma. Fannemoarn wiene

der allegear foksen yn it doarp ferstoppe. Fan flamingo tot ûntdekkingsreizger en fan fisk tot seemearmin. At de bern by hun een opdracht dienen koenen se jild fertsjinje, foar de kapitein fan

it pankoek skip. De bern diene harren best, en ha in protte jild fertsjinne. Dernei ha we in stikje bôle iten yn de kring. It minne waar mocht de pret net drukke. Yn de tintsjes wie it bere gesellich.

Die middei ha we in protte

spultsjes dien run ome piip. It wie machtich, it wie gesellich en eltsenien wie fanatyk. Dernei yn de tintsjes op it fjild, noch efkes in feestje bouwe.

Foar de optocht moasten der ek ynstruminten komme. Die ha we moai fersiert. Dernei hie-

nen we wol een lekker broadsje knakwoarst fertsjinne. Foar de optocht mochten wy natuerlik net skjin wêze: farve, farve, en noch mear farve. Dernei it doarp yn om lekker te roppen, te razen en te sjongen. Wat in publyk wie der! It wie genieten en samar wer foarby. Fan de lieder krije de bern noch in prachtich fotolistje. Dat wie Littens 2022. Moarn noch 1 gigantysk feest mei alle bern en lieder, want: 50 jier Spulwike!



# Moarnsbroschje mei de bern

Troch: Durkje

Wer it yn de rest fan Hawaiiidum noch mûsstil wie om healwei fiven, wiene der yn de stal fan Swierstra al lûde berne stimmen te hearren. Dochs net genôch dûnse op de disko en miskien iets

tefolle Spulwike bier? Foarsitter en master Rammelt fertelde de bern dat dit net hielendal de bedoeling wie en dit soargje derfoar dat de bern (en de lieder) noch in oerke langer de eagen ticht dwaan koenen. Mei de sliiep noch yn de eagen sieten de bern oan it moarnsbroschje, mar wat se leukere broadsjes iten.

Mei in folle búk en it kompas yn de hannen seagen we op de skatkaart dat de klûs net fier fuort lei. Lokkich mar want healwei de moarn begong it te spielen, en moasten we skûlje yn de pleats.

Op it momint dat Buienrader it ta liet, fietsten we nei de arena en begongen we oan it allerlêste oerke yn de arena. Ik wit net of it

troch de rein kaam, de enerzjy fan de bern of de goeie oanmoediging fan de lieder mar de pallets en de tinten wiene sa oan de kant. De Paradysfûgels wiene it groepke dat der dit jier mei de earste priis fantroch gongen is. Nei in wike fanatyk spultsje dwaan stoenen sy grutsk te paradearen op it poadi-um. Sa kaam der in ein oan de wike yn Hawaiiidum.

Tiid om waarm te dûsen, efkes in knipperke te dwaan en op te laden

foar de grutte jubileumdei yn Wommels!



# Reinwetter en sinnestrielen

Troch: Corrien en Marinthe

Undanks de rein ha we in protte wille hân. In soad lieder wer yn de feart, wêrûnder lieder Jelle dy't gelyk by de iepening fan de dei dêr wer oan liuwe mocht. Mar lieder Jelle koe wol direkt opwaarmje troch al it dûnsjen mei de bern foarôfgeand oan de dei.

Neidat elkenien waarm wie, begûnen Prins Hearlik en Brokke Piloat it ferhaal fierder te fertellen. Bauke en Marrichje moasten natuerlik sa gau mooglik rêden wurde! Dus der moast brânstof komme. De bern koenen troch ferskeidene spultsjes brânstof helje by de foksen. Op it eilân Seewierrun wie it wol sa aardich om harren te moetsjen mei de

tradisjonele groet "Woogedie-woogedie". We ha net allinnich in protte spultsje spiele, lekker yn it wetter boarte en nei it ferhaal lústere, mar we ha natuerlik ek bulten ferskes songen. Dêrtroch wiene der al in oantal lieder dy't allinnich noch maar flûsterje koene. Lokkich jild dit nea foar de bern.

Neidat de bern prachtige ynstruminten makke hawwe en de lieder ûnder de aai, molke en yochert sieten koe de optocht begjinne. Dit kear wol troch it doarp, wat in spektakel wie dat! De bern binne prachtich opsminkt troch frijwilligers en de lieder troch de bern... wat natuerlik der ek hiel moai útseach. Mei de lieder út de oare doarpen,

alle heiten en memmen, pakes en beppes en de kreative ynstruminten ha wy in pracht optocht rûn mei syn allen.

By oankomst op it fjild ha ek alle bern fan dizze groep hun foto mei bypassend listje ûntfongen. Al mei al ha wy der wer een moaie dei fan makke.





# Spulwike 50 Jier!

*By myn ôftreden as stichtingfoarsitter yn 2019 haw ik fuortdaliks oanjûn dat ik by it 50-jierrig bestean fan de Spulwike graach wat dwaan woe. Dat je dit net alinne kinne, is in understatement; rom 30 minsken hawwe fanôf it lêste kwartaal fan 2021 de aktiviteiten en oantinkens betocht en ûntwikkele. Troch de ynset fan dizze ferskate kommissjes is der nei myn idee in geweldich programma delset wêrtroch gjinien om dizze fantastyske jubileum-edysje fan de Spulwike hinne koe. Spulwike kleure mei rjocht goud. Hoe? Yn dit stik blik ik graach mei jimme werom!*

It begûn allegearre op de moandei mei de fietstocht en de aktiviteiten yn Nij Dekema en Nij Stapert letter yn 'e wike foar de âlderein. In idee dat al lange tiid op stapel lei mar nog nea ta útfiering kommen wie. It doel: minsken dy't, omt yn harren jeugd de Spulwike der nog net wie en dus as bern nea oan Spulwike meidient hawwe, dochts in Spulwike-

erfaring te besoarchjen. Mei op de eftergrûn it Holle-Bolle-Tsjing út de Spulwike-arena's, setten moarns rom 90 fietsers útein. In tocht fan in lytse 40 kilometer, mei aktiviteiten op tradysjonele lokaasjes lykas Broektille en de Spulwike-doarpen selts, waard ôfleint. Tuskentoch wienen der, gehiel yn Spulwike-styl, pankoeken, in beker ranja en in iisko. Mar wat dit barren neffens my bynammen ta in boppeslach makke wienen de ferhalen en it enthousiasme fan de dielnimmers, wêrút bliken die dat ek de âlderein de Spulwike in waarm hert tadraache. Sa wienen der dielnimmers dy't al jierren pankoeken foar de Spulwike bakke, mar ek wienen der minsken wêrfan de bernsbarn as lieder of as bern oan Spulwike meidoche. It joech harren nei eigen sizzen in unyke moochlikheid om ris by de Spulwike om it hoekje te sjen. Hjirom ferklappe wy no alfêst dat de kâns grut is dat tiidens it jubileum yn 2027 ek dit

wer plakfyne sil!

Op de Spulwike-moandei setten ek de reade trie en aktiviteiten foar de bern útein. Dit jier woe it ferhaal dat twa drenkelingen yn ûnmacht op in ûnbewenne eilân fêstsieten en de bern harren rêde moasten. Yn de syktocht nei de oplossing hawwe de bern tiidens de wike selts ferskate spultsjes dien. Hjirom fertsjinnen de bern oanwiizings, dy't harren úteinlik nei Wommels ferwezen om dêr op freed de lêste opdrachten út te fieren en sa hopelijk ta it befrijden fan dizze minsken te kommen. Dizze opdrachten, ûnder lieding fan sa'n 25 deifrijwilligers, bestiene út it spyljen fan Highland-games efter de tennisbanen, in rugby-clinic op it keatsfjild, it bestoarmjen fan de stoarmbanen op 'e Wommeler Terp en it besykjen fan in hilaryske gûchel-show op it fjild by it swimbad. Wurch mar foldien, kaam dit alles middeista de klimax

wêrby de bern út in wol hiel goed befeilige skatkest in prachtig kado krigen, nammentlik it berneboek 'De Bleate Bille Binde (Boppe!) – It Spulwike Kompleks'. In protte lêsplesier oan de bern mei it ferhaal fan Jasper út 'e Rânestêd dy't by de Spulwike net wit wat him oerkomt!

Neist it berneboek bestie de 'jubileum-merchandise' ek út in jubileumbierke en in jubileumboek. Lêstneamde boek nimt jo mei yn de ferhalen oer de Spulwike troch de tiid hinne. Tink bygelyks oan it ûntstien fan en de jubilea troch de tiid hinne. Mar ek ferhalen fan âld- en hjoeddeistich frijwilligers ûntbrekke net yn dit boek.

Op grûn fan alle reaksjes, sawol foar, tiidens as nei it jubileum, is it neffens my in terjochte konklusie dat alles by elkoar naam it 50-jierrig bestean fan dit fantastyske eve-

nemint grut fierd is en in súkses wie. Tekenjend derfoar wie ek de opkomst tiidens it jubileumfeest op de freedtejûn, dy't tradysjoneel foar de lieding fan hjoed en destiids organisearre wurdt. Sa'n 300 minsken wienen derby, dielden ferhalen mei elkoar en hawwe genoten fan de muzyk. It súkses fan dit alles moat taskriuwurde oan it grutte tal minsken dat by de ferskate kommissjes belutsen wie en dy't dit alles ta útfiering brocht hawwe. Fanselts mei wy dêryn alle bern, de frijwilligers, stipers en oare belutsenen net ferjitte! Dankewol dat jimme dit (wer) foar de Spulwike dwaan woenen! Holle Bolle Tsjing en op nei de 100!

*Johannes Hazenberg – Foarsitter Jubileumkommissje*



## Wat in wike, wat in feest!

*Troch: Marlou de Jong*

Wy hoopje dat elkenien genotten hat fan alle aktiviteiten. We hawwe it ôfrûne jier mei ferskate kommissjes yn it spier west om der in memorabel jubileumjier fan

te meitsjen. Op [www.spulwike.frl/jubileum/](http://www.spulwike.frl/jubileum/) is alle ynfo hjiroer te finen en binne de berneboeken noch te besteljen. Derneist is der in Facebookgroep makke wêr âldlieders mei inoar yn de kunde komme kinne. Nei tolve jierren

Spulwike, wurd ik ek âldlied en is it tiid foar nije aventoeren. De ôfrûne jierren binne fantastysk west, mei hichtepunten as mikrofoanfrou, as sekretaris yn de stichting, it opnij opsetten fan it mediateam en de websjop. En elk

jier binne der in stik as wat bern dy't je bybliuwe. Sa as dit jier in jongeman yn Weidum. Ik frege of er in moaie wike hie en nocht hie yn de jubileumdei. Dat hie er seker! En of't hy noch op fakânsje soe? Hy wie eins noch nea op

fakânsje west... Mar hy hie wol elts jier meidien oan Spulwike en nije freonen makke. Hy hat in machtige spulwike hân! Dizze bern, dêr dogge we it mei-inoar dochts foar. Dat binne de echte hichtepunten!



## Spulwike foar de âlderein grut sukses!

*Troch: Marjan, Sjouke, Anja en Jelle*

It idee lei der al folle langer: in Spulwike foar de âlderein. Eltsenien dy't yn 1972 âlder as 12 jier wie, hat nea as bern oan de Spulwike meidwaan kinnen. Om ek dy minsken it Spulwike-firus te besoargjen, hat in groep âldlieders dit jier ek in Spulwike foar âlderein organisearre.

Moandei 18 july wie der in Spulwike-fytstocht foar alle 60-ers. De opkomst wie folle grutter

as ferwachte, mei sa'n 90 dielnimmers. Der koe starten wurde yn alle 3 Spulwike-doarpen. Om 10 oere krigen de dielnimmers kofje/tee mei gebak, makke troch Nico en Aeltsje de Groot, bakkers yn Stiens. Sy dienen ek mei oan de fytstocht. Yn de Spulwike-doarpen wienen der fersnaperingen, lykas in pankoek en in iisko. Underweis koe men op 9 ferskate plakken by spultsjes letters fertsjinje, dy't úteinlik "Beb Mulder" foarmen.

Tiisdeitemidde 19 july waard der

in besite brocht oan Nij Dekema yn Weidum, en woansdeitemidde 20 july oan Nij Stapert yn Wommels. Dêr waarden mei de bewenners ferskate (wetter) spultsjes dien. Nettsjinsteande de waarmte, waard der fanatyk meidien oan de spultsjes. Der waard ôfsletten mei in lyts borreltsje.

Al mei al in tige slagge Spulwike foar de âlderein! Der waard faak sein: "Graach oant takom jier!" Wa wit. Yn elts gefal tige, tige tank oan alle frijwilligers!

